



SÚDWEST-FRYSLÂN

FERKIEZINGSPROGRAMMA 2022-2026

MEI-INOAR KINNE WY MEAR

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN

Sekretariaat:

Buren 15

8757 JW GAAST

secretariaat@cda-swf.nl

www.cda-swf.nl

www.facebook.com/cdaswf

[http://twitter.com/CDASWF](https://twitter.com/CDASWF)

© CDA Súdwest-Fryslân, 2022



FOAROPWURD

Foar jo leit it ferkiezingsprogramma 'Mei-inoar kinne wy mer' fan CDA Súdwest-Fryslân, foar de gemeenteriedsferkiezing fan 16 maart 2022. In programma dat mei soarch gearstald is op basis fan 'e noarms en wearden en de útgongspunten fan it CDA.

Sûnt it ta stân kommen fan ús moaie gemeente Súdwest-Fryslân hat it CDA in belangrike bydrage leverje kinnen en mei ferantwurdlikheid nommen foar in sterk gemeentebestjoer. Wy wolle mei-inoar in gemeente wêze dy't altyd tichte by de minsken stiet, dy't fan 'e minsken en foar de minsken is, dêr't it goed wenjen en wurkjen is en dêr't elkenien him of har thúsfielt. En dêrby wolle wy it goede behâlde. Us mienskip mei in goede ferbining tusken stêd of doarp en plattelân, it moaie lânskip, ús kultureel erfgoed en ús Fryske taal.

It programma is gearstald troch in kommisje dêr't fertsjintwurdigers fan it bestjoer en de hjoeddeiske CDA-fraksje yn 'e gemeenteried yn sitte, oanfolle mei nije kandidaten en leden mei spesifike deskundichheid. It programma is troch de leden fan it CDA fêststeld ûnder de algemiene ledegearkomste op 28 septimber 2021.

Ik hoopje fan herte dat jo josels weromkenne yn ús karren en dat jo ek de kommende jierren kieze foar it CDA.

Ik winskje jo in soad lêswille!

*Hans Hettinga
Foarsitter CDA Súdwest-Fryslân*

INHOUD

1. Wenje

- 1.1 Top wenje
- 1.2 Trochjaan
- 1.3 Wy wenje mei-inoar
- 1.4 Feiligens yn 'e buert

2. Us gemeente

- 2.1 Kearnebelied
- 2.2 In ryk ferieningslibben
- 2.3 Kultuergemeente
- 2.4 Frysk
- 2.5 Ferkearsfeiligens
- 2.6 Partisipaasje
- 2.7 Ynklúzje en antydiskriminaasje
- 2.8 Sûne gemeentefinânsjes

3. Soargje foarinoar

- 3.1 Alderesoarch
- 3.2 Blue Zone
- 3.3 Mantelzorg
- 3.4 WMO
- 3.5 In sûne gemeente
- 3.6 Earmoed
- 3.7 Frijwilligers
- 3.8 Asylsikerssintra en statushâlders

6 4. Jong yn Súdwest-Fryslân

- 6 4.1 Kânsen jongeren 22
- 8 4.2 Jeugdsoarch 22
- 9 4.3 Leare, wurkje en ûnderwiis 23

9 5. Lokale ekonomy

- 11 5.1 Lokaal ûndernimmerskip en wurkgelegenheid 25
- 11 5.2 Minder leechstân yn binnenstêden en winkelstrjitten 26
- 12 5.3 Rekreaasje en toerisme 27

13 6. Lânbou en lânskip

- 13 6.1 Lânbou 29
- 14 6.2 Omjouwingwet 30
- 14 6.3 Natuerbehear 31

15 7. Skjinne, enerzjike takomst

- 17 7.1 Koprinner duorsumens 33
- 17 7.2 Meitsje de sirkel rûn 34
- 18 7.3 Meer groen 34

MEI-INOAR KINNE WY MEAR

Op 16 maart 2022 geane de stimburo's wer iepen foar de gemeenteriedsferkiezingen. Foar de kommende fjouwer jier meie jo as ynwenner fan Súdwest-Fryslân op 'e nij jo fertsjintwurdiging bepale.

It CDA Súdwest-Fryslân wol jo mei dit ferkiezingsprogramma ynformearje oer hoe't wy de kommende fjouwer jier rjochting jaan wolle oan ús gemeente.

Input fan ynwenners, input fan organisaasjes en petearen mei minsken mei ekspertize op ferskate ûnderwerpen foarmje mei-inoar de CDA-kearnwearden: rintmasterskip, solidariteit, dielde ferantwurdlikheid en gerjochtichheid, de yngrediïnten foar it programma sa't it no foar jo leit.

As lokale oerheid kinne je it net allinne. Gearwurkje mei ferskate partijen is fan grut belang om de útienrinnende útdagingen dy't wy tsjinkomme de holle te bieden. Hokker spoaren lit de COVID-pandemy yn ús gemeente nei? Hoe kinne wy (jonge) ynwenners hieltyd wer foarsjen fan passende húsfêsting? Hoe folje wy de romte yn ús prachtige gemeente yn? Op hokker wize kinne wy ynwenners stypje dy't help nedich binne? En hoe kinne wy ynwenners

op in sûne manier âld wurde litte? Yn dit programma lêze jo hoe't wy tinke om te gean mei dy útdagingen. Mar lykas sein, dat kinne wy net allinne. It CDA Súdwest-Fryslân wol by it oplossen fan 'e ferskate útdagingen romte biede oan inisjativen út 'e mienskip. Nei-inoar harkje, mei-inoar it petear fiere en nei-inoar omsjen binne dêr belangrike útgongspunten by.

Mei-inoar kinne wy mear. Mei-inoar foarút!

Programmakommisje CDA Súdwest-Fryslân:

Elske Algra

Arjen Doedel

Haye Ketelaar

Thomas Kroon

Johan Steenbeek

Petra van den Akker

1. WENJE

1.1 TOP WENJE

Wy wenje yn in prachtige gemeente en Súdwest-Fryslân is, noch mear as earder, yn trek by wentesikers. Troch de opkomst fan ûnder oaren it (foar in part) thús wurkjen is it net mear fanselssprekkend om tichte by it wurk te wenjen.

Wentesikers út oare dielen fan it lân hawwe ús gemeente ûntdutsen as ideale wenomjouwing. Kenmerkjend foar Súdwest-Fryslân binne de fraaie fiergesichten. Us grien, romtlik karakter is goud wurdich! Dêr moatte wy goed op passe.

Selden wie it sa dreech om in geskikte wenning te finen. Yn ús gemeente groeit de wenningkrapte ek. Dat is spitigernôch foar elke doelgroep fan tapassing. Jongeren kinne hast net starte op 'e wenningmerk. Wenningbesitters kinne dreech trochstreame, wylst ús âlderen troch in tekoart oan geskikte senioarenwenningen faak fan needs noch altyd yn harren te grutte gesinswenning wenje.

Dêr moat gau feroaring yn komme. Hieltijd faker nimme ynwenners sels it inisjatyf foar it ûntwikkeljen fan nije wenningen. It CDA is bliid mei dy ûntwikkeling en wol dy





fasilitearje troch in wenloket op te rjochtsjen. Dêr wurde kânsrike ideeën fan ús ynwenners útwiksele mei de gemeente en mooglik mei projektûntwikkelaars, sadat der gau en doelbewust boud wurde sil.

Wêr't wy oan 'e iene kant nije ynwenners ferwolkomje, dogge wy dat oan 'e oare kant ek mei nije wenfoarmen. Lykas: wenje op wetter, it ferbouwen fan kantoaren ta wenningen, tiny houses en 'knarrehofkes' foar ús âlderen. It binne ûntwikkelingen dêr't it CDA posityf foaroer stiet. Lykas it feit dat elke kearn de mooglikheid krije moat om te groeien, dêr't de foarkar by útgiet nei it bouwen fan wenningen yn 'e beboude kom (ynwreiding).

Wenje is gjin dossier. Wenje is in libbensferlet en hat dêrom topprioriteit by it CDA!

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- In gemeente dy't aktyf grûn oankeapet foar de wenningbou, sûnder ûntalibere risiko's te nimmen;
- Foldwaande passend wenningoanbod foar elke doelgroep;
- It ynrjochtsjen fan in gemeentlik wenloket;
- It stimulearjen fan wenningbou dy't taret is op it feroarjende klimaat;
- Gjinn kearn giet op slot; útwreidzje nei 'omfang en karakter';
- It ferhieren fan fakânsjewenningen yn steds- en doarpskearnen krêftich regulearje.

1.2 TROCHJAAN

It CDA stiet foar in duorsum, fleksibel en kwalitatyf wenbelied. Mei respekt nei it ferline, mar mei romte foar it gebrûksgemak fan hjoed-de-dei. Dêrneist wol it CDA de meastentiids beskerme, histoaryske steds- en doarpskearnen, dêr't wy oprjochte grutsk op wêze meie, trochjaan oan 'e generaasjes dy't nei ús komme. It CDA wol mei eigers en belutsenen histoarysk weardefol fêstgoed ferduorsumje sûnder dat dat bliuwende, yngripende impact hat op it erfgoed en har omjouwing.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Behâld fan ús kultuerhistoarysk erfgoed en lânskip;
- Maatwurk as it giet om it ferduorsumjen fan (âlde) wenningen en oar fêstgoed;
- Brede tagonklikheid ta it Nasjonaal Waarmtefûns foar alle ynwenners, ffe's en skoallen;
- Eigers fan A-/B-labelwenningen stimulearje om dy fan it ierdgasnetwurk ôf te keppeljen;
- Stimulearje dat lokale waarmtenetten op in tûke wize útrôle wurde;
- Sirkulêr, fleksibel en op 'e takomst rjochte bouwe.



1.3 WY WENJE MEI-INOAR

Gearwenje dogge je net allinne mei je húshâlding of partner. Gearwenje dogge je ek mei de buert. In buert dêr't wy inoar kenne en inoar helpe as dat nedich is. In grut part fan 'e mienskip hat dat op 'e nij ûnderfine mochten. In feilige thûsbasis om te wenjen en te wurkjen. De tûn of iepenbier grien om te ûntspannen. Thús is mear as in hûs. It giet net allinne om hoe't je wenje, mar ek hoe't je de leefomjouwing meitsje en belibje. Lit ús dy ûnderfiningen breed diele. Bewenners mei-inoar en mei de gemeente. Mei-inoar meitsje en bouwe oan in takomstbestindige wenomjouwing dy't útdagingen net út 'e wei giet. De gemeente as neiste buorman en partner dy't koördinearret en fasilitearret by de útfiering fan plannen dy't de wenomjouwing ferbetterje, dêr't de romte foar ferskate doelen brûkt wurde kin.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Hieltyd wer ynsette op ûnderhâld en kwaliteit fan diken, fytspaden en iepenbier grien;
- Underhâldwurksumens kombinearje mei klimaatoplossingen dy't drûchte, wetteroerlêst, hjittestress en úthiemske plante- en bistesoarten safolle mooglik tefoaren komme;
- Feilige boarters- en moeting splakken foar jong en âld kombinearje.

1.4 FEILIGENS YN 'E BUERT

Yn Súdwest-Fryslân is in soad ienigens en binne ynweners ree om mei te tinken yn it belang fan harren leefomjouwing. It CDA wol bewenners stimulearje om aktyf te wêzen yn 'e buert. Wy fergrutsje de mooglikheden foar bewenners om ek ferantwurdlikheid te dragen. It CDA hat in soad omtinken foar de oarsaken fan in ûnfeiligensgefoel en pakt dy as dat mooglik is mei de bewenners oan.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Lokale feiligensinisjativen lykas de buertwhatsapp befoarderje;
- Mear ynset fan BOA's;
- Koartere oanrydtiden helptsjinsten.



2. US GEMEENTE

2.1 KEARNEBELIED

Súdwest-Fryslân hat 89 stêden en doarpen. It is fan belang dat elke stêd en elk doarp goed kontakt hat en hâlde kin mei de gemeente. It kearnebelied is by de oprjochting fan Súdwest-Fryslân, yn 2011, ynfierd op inisjatyf fan it CDA. De ôfrûne jierren hat it kearnebelied der west foar doarpen, wiken, stêden en lokale belangen. It kearnebelied bliuwt fan grut belang om de ôfstân tusken bestjoer en ynwenner lytser te meitsjen. Elk lokaal belang docht derta en moat stipe wurde troch de gemeentlike organisaasje.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Kearnebelied trochsette en útbouwe;
- Ofstân lytser meitsje tusken bestjoer en ynwenner.

2.2 IN RYK FERIENINGSLIBBEN

Inoar moetsje! Wy sette ús yn foar in ryk ferieningslibben en wolle goede akkommodaasjes, dêr't moeting en ûntspanning plakhawwe. It leechdrompelig yn 'e kunde komme litten mei it sport- en ferieningslibben is dêr belangryk by.

It CDA fynt dat it foar elkenien mooglik wêze moat om lid te wurden fan in feriening. Elke ynwenner moat sa goed en sa lang mooglik yn in betroude omjouwing sûn meidwaan.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Elke ynwenner moat sa lang mooglik meidwaan kinne yn it ferieningslibben;
- Goede ferieningsakkommodaasjes;
- Ferieningen helpe mei it organisearjen fan yntroduksjedagen;
- Gearwurking tusken ferieningen stimulearje;
- Betelber en tagonklik lidmaatskip fan ferieningen foar elkenien.

2.3 KULTUERGEMEENTE

Súdwest-Fryslân brûzet fan 'e kulturele aktiviteiten! Keunst en kultuer binne belangrike boustiennen foar in noflike mienskip. It CDA Súdwest-Fryslân fynt it belangryk dat alle ynwenners yn 'e gemeente har ûntwikkelje en ûntspanne kinne troch muzyk, toaniel, dûns, in besite oan in museum of oare kulturele utering. In takomstbestindich kultuerbe-
lied is fan belang om ek yn 'e takomst noch genietsje te kinnen fan it kostbere kulturele libben yn ús gemeente.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Leechdrompelige foarsjenningen foar it beoefenjen fan (amateur)keunst foar ús ynwenners;
- Keunst en kultuer finansjeel stypje;
- Gearwurking tusken de ferskate kulturele ynstellingen befoarderje.





2.4 FRYSK

De Fryske taal is in belangryk ûnderdiel fan 'e identiteit fan ús ynwenners en gemeente. Dêr heart in aktyf belied by om dy beskermje te kinnen. Us ynwenners moatte har yn har eigen taal uterje kinne, ek by de gemeente. De Fryske taal, kultuer en dus ek sporten fertsjinje omtinken foar ús ynwenners om sa de identiteit fan ús gemeente te bewarjen.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Aktyf belied op Frysk en Fryske kultuer yn 'e gemeente;
- Nammejouwing fan nije strjitten foar it grutste part yn it Frysk..

2.5 FERKEARSFEILIGENS

De gemeente Súdwest-Fryslân hat in soad diken, krusingen en fytspaden. It CDA fynt it belangryk dat minsken feilich gebrûk meitsje kinne fan dy foarsjenningen. Dêr hearre goede fytspaden en goede ferljochting fan fytspaden ek by. Dêrom wol it CDA mei de ynwenners kritysk sjen nei ûnfeilige situaasjes.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Feilige fytsrûtes fan en nei skoalle en wurk, en foar rekreatyf gebrûk;
- Spesjaal omtinken foar kwetsbere weibrûkers;
- Minimaal twa nije fytspaden realisearje yn 'e kommende fjouwer jier;
- By oanlis nije ynfratraktuer rekken hâlde mei trends yn it ferkear;
- Goede berikberens foar elke foarm fan ferfier;
- Soargje dat ferkearsomstannichheden oeral feilich binne.

2.6 PARTISIPAASJE

It CDA wol ynweners fan Súdwest-Fryslân safolle mooglik belûke by it opstellen fan plannen en sa meitinke litte oer de direkte leefomjouwing. Wy wolle mei klam omtinken foar de ynwenner yn 'e gemeente dy't him minder hearre lit. Dat moat op in leechdrompelige wize, lykas by in oanrinsprekoere. By it opstellen fan plannen moat de gemeente har altyd ôffreegje wêr't en hoe't sy har ynweners dêrby belûke kin.

2.7 YNKLÚZJE EN ANTYDISKRIMINAASJE

De gemeente moat as wurkjouwer oan in ôfwikseljende gearstalling fan har organisaasje wurkje. Dat kin troch it kreëarjen fan bewustwurding fan ferskaat, by meiwurkers fan 'e gemeente. Minsken wurde net útsletten op basis fan kleur, kulturele eftergrûn, religy, slachte, seksuele foarkar en/of beheining. By it útsetten fan fakatueren moat elkenien him of har útnûge fiele om te sollisitearjen.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Boargertop organisearje, ienris yn 'e fjouwer jier;
- Ynwenners by leechdrompelige (digitale) gearkomsten meiprate en -tinke litte;
- Oanrinsprekoeren organisearje, yn 'e ferskate kearnen/wiken..

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Regelmjittich diskriminaasjekennisintrum en diskriminaasjemeldpunt Tûmba ûnder de oandacht bringe;
- In ynklusive gearstalling fan 'e gemeentlike organisaasje.



2.8 SÛNE GEMEENTEFINÂNSJES

It CDA wol dat de gemeentlike finansjele middels, dy't opbrocht wurde troch de belestingbeteller, op in duorsume, transparante en soarchfâldige wize ynset wurde. Sadat wy ek yn 'e takomst út in sûne finansjele basis wei wurkje kinne.

It is fan belang dat de gemeentlike organisaasje by it opstarten fan nije plannen yn in ier stadium siket nei mooglikheden foar it kofinansierjen en/of subsydzje út bygelyks de Europeeske Uny, it Ryk of de provinsje wei

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Gjyn ferheging fan wendlêsten, nei ynflaasjekorreksje;
- Solide finansjeel belied mei foldwaande reserves;
- Ier mooglikheden besjen foar subsydzje en it kofinansierjen by it meitsjen fan nije plannen.



3. SOARGJE FOARINOAR

3.1 ALDERESOARCH

Alderen wurde hieltyd âlder. Se wenje langer selsstannich en der ûntsteane tal fan alternative wenfoarmen. De âlder wurdende minske is in oare as tsien jier lyn. Selsstannichheid en meidwaan yn 'e maatskippij is it nije âld wêzen. Yn ús mienskip spylje âlderen in ûnmisbere rol. Se springe by as oppas foar de bernsbarn, as frijwilliger of as mantelsoar-

ger foar harren partner of ien yn 'e buert. Op harren beurt meie ús âlderen altyd rekkenje op 'e soarch fan ús allegearre. Spitigernôch kinne net alle âlderen aktyf meidwaan. Foar dy groep is it tefoaren kommen en ferminderjen fan iensumens essinsjeel.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Feroaringen yn 'e âldereinsoarch fasilitearje en derop reagearje troch it brûken fan nije technologyen;
- Soarch en wenjen kombinearje; meitsje soarch tagonklik en gean iensumens tsjin;
- Sinnige soarch, dêr't de soarch passend is en it belang fan 'e âldere foarop stiet;
- Aldereinsoarch tichteby, bygelyks yn multyfunksjonele sintra;
- Alderen mei berne-opfang en ûnderwiis ferbine, om ûnderling kontakt te fersterkjen;
- Elkenien dy't soarch nedich is kriget dy soarch;
- Iensumens tefoaren komme en tsjingean.

3.2 BLUE ZONE

Op ferskate plakken op 'e wrâld libje âlderen langer en lokkiger as gemiddeld. Dy plakken wurde Blue Zones neamd. Alderen libje dêr net allinne langer, se bliuwe sûner, hawwe minder help nedich en brûke minder medisinen. Wy wolle dat de mooglikheden om fan ús gemeente in Blue Zone te meitsjen ûndersocht wurde. Foar it kreëarjen fan in Blue Zone binne ferskate faktoaren nedich, lykas foldwaande beweging, in sûn fiedingspatroan, foldwaande ûntspanning, sosjale (famylje)kontakten en sinjouwing.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Undersyk nei de mooglikheden fan in Blue Zone yn ús gemeente.

3.3 MANTELZORG

Mantelsoarch is gjin kar. It oerkomt je. Ien fan wa't je hâlde wurdt siik en dêr soargje je foar. Dat dogge mar leafst 3,5 miljoen minsken yn Nederlân. Trijekwart dêrfan docht dat alle dagen, foar in lang skoft en yntinsyf. Sy fertsjinje goede stipe!

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Stipe foar mantelsoargers biede troch in mantelsoarchkoördinator yn 'e gemeente oan te stellen;
- Foldwaande foarmen fan dei-opfang en útstelsoarch;
- Omtinken foar de jonge mantelsoarger.





3.4 WMO

Ynwenners fan Súdwest-Fryslân mei in helpfraach wolle tichteby holpen en heard wurde. Dêr is maatwurk foar nedich. Dat kin troch yn te setten op 'e regio en de lokale omjouwing dêr't alles foar hannen wêze moatte soe wat minsken nedich binne. In goed fasilitearjende gemeente is dêr essinsjeel foar.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Yn 'e regio en lokale omjouwing fasilitearje troch maatwurk te garandearjen;
- Elkenien dy't soarch nedich is, kriget dy soarch.

3.5 IN SÛNE GEMEENTE

Sport soarget derfoar dat minsken bewege en mei-inoar yn kontakt komme. Dêr bliuwe wy fysyk en mentaal sûn mei. It CDA fynt it belangryk dat de ynwenners fan ús gemeente op in oansprekkende en passende wize sporte en bewege kinne. Tefoaren komme is ommers better as genêze. Preventive programma's kinne helpe om ús (jonge) ynwenners sûn te hâlden.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Gearwurking stimulearje tusken gemeente, soarchkantoar, soarchferlieners, soarchynstânsjes en buertcoaches;
- Goede sport- en spulfoarsjenningen yn 'e iepenbiere romte;
- Ynsette op foarljochting as it giet om smoken, drank- en drugsgebrûk;
- Hieltyd wer sûne sportkantines en sûne skoallen stimulearje.

3.6 EARMOED

Der is in aktyf earmoed- en skuldbelied fan 'e gemeente nedich en in yntegrale oanpak foar soarch en wolwêzen. Goede tagonklike en begryplike ynformaasje oer de miniregelingen fan 'e gemeente is in basisbetingst. Jongeren dy't yn 'e problemen komme troch skulden moatte de kâns krije om dêrút te kommen. Bygelyks trochdat de gemeente de ôfflossing fan 'e skulden op har nimt. As tsjinprestaasje moat in oplieding ôfmakke wurde of dat der frijwilligerswurk dien wurdt.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Maatskiplike inisjativen foar earmoedbestriding stypje (lykas fan tsjerken, Humanitas of skoallen);
- It bernepakket behâlde en dat alle bern dy't yn 'e doelgroep falle dêr gebrûk fan meitsje kinne;
- Jongeren mei skulden de kâns jaan om in oplieding ôf te meitsjen;
- Net ien op 'e strjitte sliepe litte.



3.7 FRIJWILLIGERS

Frijwilligers binne in ûnmisbere skeakel yn 'e mienskip. Sûnder harren kin de brânwacht net útride, kinne wy net sporte en bliuwe de tsjerken ticht. It CDA hat in soad wurdearring en respekt foar minsken dy't har frijwillich ynsette wolle foar de mienskip! It wurk fan frijwilligers moat oantreklik wêze en bliuwe. Frijwilligers dy't bygelyks in evenemint organisearje wolle, moatte dêr stipe fan 'e gemeente foar krije kinne. Tink dêrby oan help by it oanfreggen fan in fergunning.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Frijwilligerswurk promoatsje;
- Stipepunt (frijwilligerssintrale) fersterkje;
- Stipe foar frijwilligers troch de gemeente by oanfreggen fan fergunningen.

3.8 ASYLSIKERSSINTRA EN STATUSHÂLDERS

Troch de ûnrêstige situaasje yn ferskate wrâlddielen sykje minsken beskerming yn Europa en Nederlân. Foar dy flechtlingen binne opfangplakken nedich. It CDA Súdwest-Fryslân is net tsjin it bouwen fan (tydlike) asylsikerssintra yn ús gemeente. Mar dat kin allinne as de grutte fan it asylsikerssintrum yn ferhâlding stiet ta it oantal ynwenners fan in doarp of stêd, en dat moat yn goede gearspraak mei omwenners gear.

Fan 1 jannewaris 2022 ôf hawwe gemeenten in rol yn 'e begelieding fan statushâlders. Dat is belangryk om't statushâlders op dy wize flot de Nederlânske taal leare. En dêrtroch goed en sa gau mooglik meidwaan kinne yn Nederlân. Wy hawwe gjin diel ferline mei statushâlders, mar wol in mienskiplike takomst.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- (Tydlike) asylsikerssintra bouwe, salang't de grutte yn ferhâlding is mei it oantal ynwenners fan in doarp of stêd, en salang't it yn goed oerlis mei omwenners giet;
- Ynsette op maatwurkbegelieding foar statushâlders;
- Begelieding moat liede ta in suksesfol takomstperspektyf.

4. JONG YN SÚDWEST-FRYSLÂN

4.1 KÂNSEN JONGEREN

Jonge minsken binne belangryk! Se sjogge mei in frisse blik nei saken en kinne harren omjouwing stimulearje mei harren entûsjasme en enerzjy. It CDA fynt it fan belang dat jonge minsken yn Súdwest-Fryslân genôch kânsen krije. Just foar jonge minsken, mei de takomst noch foar harren, is dat essinsjeel om meidwaan te kinnen yn 'e maatskippij.

4.2 JEUGDSOARCH

It besteande systeem fan 'e jeugdsorch haperet en rint op it stuit fêst troch ûnder oaren finansjele tekoarten, lange wachtlisten en te min soarchpersoanel. It CDA wol dat soarchprofessionals de romte bean wurdt foar ferbettermooglikheden. De posysje fan âlders en jongeren moat ek fersterke wurde en ûnderfiningsdeskundigen krije in belangrike stim. Goede en iere jeugdsorch is essinsjeel om problemen op lettere âldens foar te kommen. De COVID-19-pandemy hat in grutte wjerslach op 'e jeugd en harren psyche. Nettsjinsteande dat it net hielendal dúdlik is hoe grut dy wjerslach is, moatte wy dêr yn ús gemeente (ekstra) stipe en soarch foar oanbiede. Under de pandemy wie in thús foar in grut oantal bern, noch minder as normaal, in feilich thús en witten wy út 'e jeugdsorch wei dat it oantal fjochtskiedingen tanommen is. De psychyske problematyk nimt ek ta.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Jongeren meitinke en meibeslisse litte oer saken dy't foar harren belangryk binne, lykas harren eigen moetingssplakken, spul-/sportgelegenheden en duorsumens;
- Gearwurking befoarderje tusken jongeren en lokale en regionale ûndernimmers;
- Gemeentlike koördinator jeugd en polityk yn stân hâlde;
- Bernekonferinsje en berneboargemaster yn stân hâlde.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Ynvestearje yn eksperimintearjen, learen en ferbetterjen yn 'e jeugdsorch troch belutsenen;
- Mear selsregy fan âlders en jongeren by soarchtrajekt;
- Underfiningsdeskundigen ynsette yn 'e jeugdsorch.



4.3 LEARE, WURKJE EN ÛNDERWIIS

Goed ûnderwiis is belangryk foar de ûntwikkeling fan bern en jongeren. Dêrom moatte wy as gemeente soargje foar goede ûnderwiishúsfêsting. It CDA wol de gearwurking tusken skoallen en oare maatskiplike organisaasjes lykas berne-opfang, jeugdsoarch en sportferieningen stimulearje. Foar in goede takomst wolle wy jongeren ier yn 'e kunde komme litte mei de mooglikheden op 'e arbeidsmerk. Belangryk is dat elkenien deselde mooglikheden en kânsen hat en kriget.

Ynwenners foar wa't mooglikheden net altyd fanselsprekkend wiene en dat oars wolle foar harsels moatte meidwaan kinne oan 'e mienskip en de arbeidsmerk. It CDA wol fakopliedingen rjochting kânsrike beroppen mear stimulearje en de gearwurking mei wurkjouwers, Fryslân Werkt en it middelber en heger beropsûnderwiis fersterkje.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Goede ûnderwiishúsfêsting en optimale gebouwen;
- Deselde mooglikheden en kânsen foar elkenien;
- Gearwurking stimulearje tusken ûnderwiis en maatskiplike organisaasjes;
- Foldwaande staaasjeplakken kreëarje yn gemeentlike organisaasje.



5. LOKALE EKONOMY

5.1 LOKAAL ÛNDERNIMMERSKIP EN WURKGELEGENHEID

It midden- en lytsbedriuw is de motor fan 'e lokale ekonomy en it semint fan ús mienskip. Sy soargje foar 70% fan 'e wurkgelegenheid. Wy wolle ûndernimmers stimulearje en de romte biede om harren bedriuwen groeie te litten. Mei ûndernimmers meitinke yn kânsen is fan grut belang. Troch groei ûntstiet der mear wurkgelegenheid, sadat mear wurksykjenden in plak fine kinne op 'e arbeid-smerk. Banen ferdwine yn 'e iene sektor, wylst der yn 'e oare sektoaren in hieltyd grutter persoanlestekoart is. It is

belangryk dat der rjochting wurksykjenden fol ynset wurdt op omskoalling nei oare, kânsrike beroppen. Der moat safolle mooglik gearwurke wurde mei besteande, suksesfolle inisjativen nei wurk. It nije wurklearbedriuw kin fungearje as springplanke foar minsken mei in ôfstân ta de arbeid-smerk of mei in arbeidsbeheining. Belangryk dêrby is dat wurkjen wier leannet.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Undernimmerskip stimulearje en romte biede;
- Ynsette op omskoalling nei kânsrike beroppen;
- Untwikkeling fan nije bedriuweterreinen by foldwaande konkreet ferlet;
- Werstrukturearring fan besteande bedriuweterreinen;
- Gemeentlike organisaasje safolle mooglik lokaal ynkeapje litte;
- Wurkjen moat leanjend wêze.

5.2 MINDER LEECHSTÂN YN BINNENSTÊDEN EN WINKELSTRJITTEN

Winkelgebieten foarmje al lang in belangrike driuwende krêft efter de lokale en regionale ekonomyen. Yn Súdwest-Fryslân is dat net oars. De histoaryske sintra fan ús stêden en doarpen foarmje mei har keapmanshuzen, weachgebouwen, pleinen, kaden en oare monuminten in belangrike oanlûkingsfaktor.

It CDA wol dat mei de lokale mlb-ûndernimmers en bewenners fan 'e sintra safolle mooglik behâlde. Sy binne faak de pleatslike ambassadeurs. Undernimmers jouwe ekstra kleur oan 'e belibbing fan winkel- en hoarekagebieten. Grutte maatskiplike feroaringen yn 'e ôfrûne jierren sette winkel- en hoarekagebieten lykwols ûnder druk. De feroarjende ekonomy en opkomst fan ynternet freegje om in nije fyzje op 'e takomst fan winkelgebieten.



CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Kompakte winkelgebieten yn doarpen en stêden fersterkje;
- Libbendige winkelsintra, dêr't detailhannel, hoareka en kultuer inoar fersterkje en oanfolje;
- Leechsteande winkelpanners in nije bestimming jaan, mei behâld fan karakteristike, histoaryske wearden;
- Oantreklike oanrinstrijtten rjochting de winkelgebieten;
- Tydlike pop-upwinkels en kulturele ynfollingen mooglik meitsje;
- Klusterjen fan detailhannel yn 'e sintra fan 'e stêden en doarpen; grutskalige detailhannel sil plakhawwe op 'e dêrfoar geskikte lokaasjes krekt bûten it sintrum of op yndustryterreinen;
- Undernimmers de romte jaan yn 'e nije Omjouwingwet.

5.3 REKREAASJE EN TOERISME

Yn Súdwest-Fryslân fine je seis fan 'e alve stêden, unike doarpen, in soad wetter, in wiidweidich fytspadenetwurk en in lange kustline, koartom: Súdwest-Fryslân nûget út om te rekreäarjen! Us gemeente wurdt net foar neat besocht troch in soad toeristen út binnen- en bûtenlân. Toerisme is in belangrike ekonomyske pylder yn ús gemeente. Wy wolle in florearjende en sterke rekreative sektor. Dêr't ûndernimmers in goed ynkommen mei realisearje kinne en dêr't gasten mei in soad wille (werom)komme. Dat soarget foar goede wurkgelegenheid en it bestearsrjocht fan foarsjenningen yn ús kearnen. De gastfrijheid en it toerisme meie net te'n koste gean fan ús iepen en unike lânskip.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Omtinken foar in rom en fariearre oanbod fan minwaarakkommodaasjes;
- Passend oanbod foar ynwenners en toeristen, lykas lokaasjes dêr't festivals en eveneminten organisearre wurde kinne;
- Duorsum toerisme promoatsje;
- Romte biede oan bysûndere en unike ferbliuwsakkommodaasjes;
- Omtinken foar it aspekt 'romte': gjin wyldgroei of útwreiding fan fakânsjeparken by kwetsbere natuer;
- Betelbere ferbliuwsakkommodaasjes; yn goed oerlis betingsten beprate by oanfraach werstrukturearring campings of oare rekreaasjesintra;
- It ferhieren fan fakânsjewenningen yn steds- en doarpskearnen krêftich regulearje;
- Tydlike fergunningen foar it fergrutsjen fan terrassen evaluatearje en dy wêr mooglik oanpasse.





6. LÂNBOU EN LÂNSKIP

6.1 LÂNBOU

Typearjend foar de gemeente Súdwest-Fryslân is it ôfwikseljende lânskip mei in miks fan lânbou, rekreaasje en natuer. De lânbou yn ús gemeente is in belangrike drager fan 'e ekonomy en wurkgelegenheid. Hy soarget foar in stabile basis foar de leefberheid fan ús bûtengebiet. De lânbou sit yn in oergongsfaze nei in duorsumere takomst. It klimaat-akkoart, de lânbouregeljouwing, wurdearring en akseptasje troch de maatskippij binne belangrike útgangspunten foar feroaringen yn 'e lânbou. Duorsume lânbou is it doel; in sûne ekonomyske sektor mei takomstperspektyf is dêr in betingst by.

De lânbou hat op dit stuit te meitsjen mei in breed skala oan maatskiplike opjeften, dêr't in fitaal lanlik gebiet in belangrike rol by ferfolje kin. Tink oan natuerwerstel, bio-diversiteit, klimaatopjeften en wetterbehear. Yn relaasje ta stikstof hawwe bedriuwen te meitsjen mei grutte ûnwisens oer doelen fan belied, wetjouwing en fergunningen.

De hjir neamde opjeften binne de direkte ferantwurdlikheid fan ús nasjonale en provinsjale polityk. In robúste, sûne en dynamyske lânbousektor mei takomstperspektyf is fan grut belang foar in plattelâns gemeente as Súdwest-Fryslân.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Duorsume takomst fan 'e lânbou, mei perspektyf foar de nije generaasje;
- Bliuwend omtinken foar fiedselfeiligens, fiedselwissens en de posysje fan 'e produsint yn 'e keten;
- Mei de sektor, it Ryk, de provinsje en it wetterskip sykje nei oplossingen foar de maatskiplike opjeften;
- Dúdlikheid op it mêd fan fergunningen en hanthavening;
- Gelyk spylfjild foar behâld en takomstperspektyf.

6.2 OMJOUWINGSWET

Ynkoarten giet der in nije wet yn: de Omjouwingswet. Dy wet ferfangt in hiele list oan âlde wetten en regelingen dy't te meitsjen hawwe mei hoe't wy mei ús leefomjouwing omgean wolle.

Mei de komst fan dy wet sille der saken feroarje foar ynwenners en bedriuwen. De oanfraach foar it pleatsen fan in kajút of it bouwen fan in bedriuwslads kin flugger en makliker troch de gemeente behannele wurde. Wol sille oanfregers dat yn it foar goed oerlizze moatte mei buorlju en oare belanghawwenden.

Us ynwenners, bedriuwen en (oerheids-)ynstânsjes krije dêrmei de ferantwurdlikheid oer de ynrjochting fan ús gemeente op it terrein fan wenjen, wurkjen, rekreëarjen en maatskiplike opjeften, lykas miljeu en klimaatferoaring. Mei-inoar soargje wy foar de beskerming fan ús leefomjouwing.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Op 'e tiid in solide foarljochting rjochting ynwenners en bedriuwen oer de wurking/it tapassen fan 'e nije Omjouwingswet;
- In gemeente dy't yn begjinsel posityf is oer yntsjinne plannen troch ynwenners en bedriuwen;
- In gemeente dy't meitinkt mei ynwenners en bedriuwen;
- In feilige ynfiering fan 'e nije Omjouwingswet. De risiko's foar ynwenners, bedriuwen en natuer moatte sa goed mooglik yn kaart brocht wurde en safolle mooglik mijd wurde.





6.3 NATUERBEHEAR

Yn ús gemeente spilet natuerbehear in belangrike rol. Neist Steatsboskbehear en It Fryske Gea hâlde in soad agraryske bedriuwen har yn ferieningsfoarm aktyf dwaande mei natuerbehear. Sy soargje derfoar dat de natuerwearden hieltyd wer boarge binne. Mear en mear supermerken biede mei de agraryske sektor ferskate soarten (biologyske) molke oan. Sa is der hieltyd mear omtinken foar natuerbehear.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Gearwurking mei Steatsboskbehear en It Fryske Gea trochsette;
- Gearwurking stimulearje tusken ferskate oerheden, organisaasjes en bedriuwen om de posysje fan 'e lânbou en de natuer te fersterkjen;
- Natuerlike leefomjouwing fan greidefûgels en otters ferbetterje en wêr mooglik útwreidzje.



7. SKJINNE, ENERZJIKE TAKOMST

7.1 KOPRINNER DUORSUMENS

Mei grutte foarsprong is ús gemeente no koprinner by it opwekjen fan duorsume enerzjy yn Fryslân. It CDA wol méi ús ynwenners en lokale bedriuwen noch mear duorsume enerzjy opwekje. Dat kriget prioriteit boppe kommersjeel ynstelde, grutskalige enerzjyprojekten dy't dominant binne yn ús weardefolle lânskip. It CDA stiet iepen foar

fernijende projekten dy't de enerzjytransysje flugger gear litte. By foarkar op plakken dêr't de enerzjy of waarmte ek wier ferbrûkt wurde sil of op plakken dêr't wy de romte mearfâldich brûke kinne. By duorsume ûntwikkelingen is it foar it CDA belangryk dat der sirkulêr, fleksibel en op 'e takomst rjochte boud wurdt.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Sterke gearwurking mei netbehearers om it elektrisiteitsnet gau takomstbestindich te meitsjen;
- Foarrang jaan oan ús ynwenners en bedriuwen by it opwekjen fan duorsume enerzjy boppe kommersjele partijen, by ûnfoldwaande kapasiteit op it elektrisiteitsnet;
- Enerzjy en waarmte safolle mooglik yn 'e beboude omjouwing plakhawwe litte;
- Yndustryterreinen 'enerzjyposityf' meitsje;
- Ynsette op it brûken fan restwaarmte en gebrûk meitsje fan geo- en akwatermy dêr't dat mooglik is;
- Sykje nei passende oplossingen foar it oerskot oan duorsume enerzjy;
- Fernijende projekten stimulearje dy't duorsume enerzjy of waarmte opsmite;
- Gjinn nije wynparken yn Súdwest-Fryslân;
- Gjinn sinnegreiden op (lânbou-)grûn of wetter.

7.2 MEITSJE DE SIRKEL RÛN

Fan ôffal nei grûnstof: yn 'e sirkulêre mienskip sjogge wy oars nei produkten en ôffalstreamen. Oft it no giet om boumateriaal, ferpakkingen, iten of meubels: oeral lizze kânsen om materiaal te besparjen en reststreamen in nij libben te jaan. Dêrtroch putte wy ús planeet net ûnnedich út. De sirkulêre ekonomy helpt ek om minder broeikasgasen út te stjitten. It CDA wol noch mear kânsen oangripe om mei ûndernimmers, bewenners en organisaasjes gear te wurkjen om sa de 'sirkulêre sirkel' rûn te krijen.

7.3 MEAR GRIEN

It CDA wol mear sichtber grien. By in nije ynrjochting moat de mooglikheid fan mear grien ûndersocht wurde. Beammen, parken, boartersgreiden, folkstunen en de stedsnatuer fergrutsje de leefberens en binne fan hieltyd grutter belang foar it ôfkuoljen op hjitte dagen en foar de opfang fan reinwetter. Us ynwenners hawwe faak goede ideeën om boukavels dêr't neat mei dien wurdt of ruilferkavelingsboskjes in nije 'griene' funksje te jaan. Sa is it konsept Shared Griene Space (bygelyks de Groene Flach yn Snits) ûntstien. Dat konsept rjochtet him op in griene omjouwing dêr't bewenners de mooglikheid brûke om mei-inoar in terrein in nije 'griene' funksje te jaan en bûten it kader te tinken.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Miljeustrjitten optimaal funksjonearje litte, sadat dy de ôffalstreamen better skiede kinne;
- Stimulearje dat de gemeente materialen op 'e nij brûkt;
- Elke húshâlding fergees ien reintonne, kompostbak, wyldeblommesied of in ynsektehotel oanfreegje litte;
- Sirkulêre materialen opnimme yn 'e oanbestegingsprosedueres fan 'e gemeente;
- Mear laadpeallen foar elektryske fytsen en auto's yn 'e iepenbiere romte.

CDA SÚDWEST-FRYSLÂN STIET FOAR:

- Oanmoedigjen fan mear Shared Griene Spaceterreinen;
- Mear grien yn tunen en geveltunen, mei help fan 'e gemeente;
- Ynsette op fergriening by werstrukturearring;
- Fergriening fan gebieten mei in soad stiennen;
- Opfang reinwetter stimulearje, as it mooglik is mei eksterne subsydzje;
- Himelwetterôffieren loskeppelje fan rioel en regelje yn 'e fergunningsoanfragen.